



DOARPSNIJS

Nûmer 420

July / augustus 2018

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste woansdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Jelte Draijer (secr)	Omrin 9	571484
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 12 july is stoarn Wibo van de Linde, hy is 79 jier wurden.

FERHÚZE

Roelof Feenstra is ferhúze nei de Parkflat Stadsfenne, Dekemalaan 17, appartement 508, 8604 ZG Sneek.

NIJE YNWENNERS

Sjoeke Kampen is mei Redmer en Pytrik op de Hege Bouwen 31 komme te wenjen.



BEDANKT

Heel hartelijk bedankt voor de vele felicitaties, kado's en het gezang van de burens ter ere van ons 50-jarig huwelijk!

Jan en Akke Luinenburg-van der Bij

★ ★
★ Bedankt!

NIJEMARDUMER VOLLEYBALTOERNOAI 2018

Under tropyske omstannichheden waard op tiisdei 3 en freed 6 july alwer foar de 20ste kear it Nijemardumer volleybaltoernoai organisearre. Eigentlik hie der in bak sân op it fjildsje goaid wurde moatten om yn de tropyske sfear te bliuwen mar dat koe de brune net lûke. Wy binne altyd tige bliid mei it gersfjildsje fan de famylje Eppinga. En dan kin it wêze dat it hjir en dêr dochs aardich ûnflak is trochdat der ek wolris kij op rinne. Gelokkich binne der gjin slimme ûngemakken foarfallen sa as bygelyks ferklofte ankels of ferdraaide knibbels. Der stiet net foar neat by dat meidwaan op eigen risiko is. Dat jildt ek foar de skiedsrjochters en tellers want inkele spilers binne sa fanatyk en sjogge op noch om en ha mar ien doel, de bal moat nei de oare kant! Wa't dan yn it paad stiet, hat pech.



Mar der wiene ek spilers dy' t harren der minder drok om makken en ûnder it spyljen sels harren telefoan checkten!!!
Wy moasten it dwaan sûnder ús trouwe fan mar dy hie har kreas ôfmelden. Gelokkich wie ús âldste spiler wol wer fan de party, Dirk Jan, hast 75 jier mar hy is noch sa linich as elastyk en hat in kondysje dêr' t in soad minsken jaloersk op binne.

De teams hiene dizze kear skelnammen fan doarpen yn Fryslân. Dit, en noch wat oare saken, soarge by it útrekkenjen fan de punten foar in flinke fertraging. Gelokkich wie der in fuotbalwedstriid foar de televyzje sadat de spilers der net safolle hinder fan ûnderfûn ha.

De **Warkumer brijbekken** binne as lêste einige mei 4 punten en giene nei hûs mei de poedelpriis; ditkear gjin sipels mar in lekkere keallepoat. Hiene sy dy mar hân ûnder de wedstriid dan hiene se fêst mear grip hân.

Op it 8ste plak: de **Kollumer katten**, ek mei 4 punten. De **Frjentsjerter klokkeieven** waarden 7de mei 9 punten en nûmer 6: de **Warnser skieppelotten** mei 10 punten. De **Jouster keallepoatten** hiene 12 punten en de 5de priis en mei 13 punten waarden de **Harnser tobbedûnsers** 4de.

De tredde priis, moaie Fryske sokken, wie foar de **Drylter kypmantsjes** mei 14 punten.

De **Starumer ribbeklauwers** hiene 18 punten en waarden dêrmei twadde; foar harren wie der foar elk in pûdsje Fryske dûmkes. Winner fan dit toernoai, mei 21 punten, de **Lemster bokkings**; behalve de beker giene sy nei hûs mei in lekkere drûge woarst.

De organisaasje kin weromsjen op in sportyf en tige slagge toernoai wêrby it meidwaan wichtiger is dan it winnen.

MONUMENTENDAG 2018

Open Monumentendag 2018 is op zaterdag 8 september a.s. Dit jaar hebben we als thema "It libben yn stêd, doarp, bosk en greide". Nijemirdum heeft 3 rijksmonumenten te weten "Lyklamastate", De molen "Swaantje" en de Toer. Wij van het dorpsbelangbestuur zijn die dag van 10 tot 16 uur aanwezig in de "Toer".



IT HIMD FAN: JAN-DIRK VAN DER TOL



It is al wer in pear moanne lyn doe't wy in tillefoantsje krigen fan in man dy't sei dat hy oer in skoftke ús buorman wurde soe. Oh...?? "Ja, en no wol ik graach mei myn húshâlding efkes mei jimme yn 'e kunde komme." No, soks is hiel aardich fansels. Dat op in sneontemoarn sieten Dirk Jan en ik oan 'e kofje mei Jan-Dirk en syn Mieke en harren beide bern. Sy hearden dat ús buorfrou Hanneke en Tom wat oars sykje en sadwaande komt it âlde tsjerkje neist ús op Lyklamawei 36 ynkoarten wer frij. Wat besielt harren om fan 'e iene ein fan Nijemardum nei de oare te ferhúzjen? Wat in drokte! Drokte? Eh jonge nee, der komt libben yn 'e brouwerij en dat stiet ús nije buorlju wol oan. Op harren stee op Hoitebuorren 31 sil de famylje Hoekstra fan it transportbedriuw har letter te wenjen sette. Jan-Dirk en Mieke fertelle entûsjast oer de plannen foar de takomst. Harren soan Aise heart it oan en dochter Sjan hat it fansels al gau besjoen by de "bejaarden", dus in soad tiid om by te praten is der net. Foar my in prachtige oanlieding om Jan-Dirk út te noegjen foar in petear yn ús Doarpsnijs.

Op in simmerske woansdeitemiddei stâl ik myn fyts tsjin 'e muorre op Hoitebuorren 31. Ik sjoch in hûn omrinnen en swellen fleane rûnom. Sjoch dêr...., ûnder de daksgoate hingje tsientallen nêsten. Wat in keunstwurken! Jan-Dirk noeget my út yn de keukenkeamer, dêr't Aise oan 'e tafel sit. Hy is dwaande mei syn lêste húswurk foar de fakânsje. Oare jier havo-eksamen en dan nei Ljouwert om dêr de stúdzje Masinebou (Werktuigbouwkunde) te folgjen. Jan-Dirk (ik ha wat muoite mei dy folchoarder) skinkt ús in lekker bakje tee yn. Underwilens stoarmet Sjan mei in freondintsje op my ôf. Sy kin it goed pratende hâlde fernim ik wol, mar har heit stjoert de beide famkes al gau resolút nei bûten ta. Sille wy no dan mar begjinne?

Hoe skriuwsto sels dyn namme: mei of sûnder streekje?

Altyd mei in streekje tusken Jan en Dirk. Dat ha ik dien om betizing fan alle Jannen yn ús famylje foar te kommen.

Wêr bisto berne?

Op 15 maart 1968 bin ik berne yn Kimsward. Us heit wie dêr boer.

Watfoar oplieding hasto dien?

De earste jierren nei de kleuterskoalle yn Arum. Doe nei de legere skoalle yn Kimsward en letter op de fyts nei de Havo yn Harns. Dêrnei ha ik de stúdzje

Masinebou oan de H.T.S. yn Ljouwert folge.

Dus doe op 'e fyts nei Ljouwert of wie dat wat te fier?

Ik bin gjin sportman, mar mei it iepenbier ferfier wie it ek maklik te dwaan. Dochs ha ik der doe foar keazen om yn Ljouwert op keamers te gean. Ik woe mysels rêde.

Dat wie yn dy tiid wol bysûnder tink? De skoalle stie amper 30 km fan jimme hûs...

Us heit en mem fûnen dat prima. Boppedat hie ik in âldere suster dy't ek al gau op harsels wenne.

Gie de stúdzje wat neffens de planning?

Nei 5 jier hie ik it diploma yn 'e bûse. Dêrnei ha ik noch in heal jier Bedriuwseconomy yn Swol folge, mar doe hie ik myn nocht.

Do woest oan it wurk.

Ik waard frege om by Brouwers Stâlynrjochting yn Ljouwert yn 'e tekenkeamer oan 'e slach te gean.

Niks gjin drege sollisitaasjepetearen , it wurk kaam gewoan op dy ôf?

Sa wie it wol, mar de muorren kamen ek op my ôf. It wie my al foarsein troch Westra fan it leanbedriuw fan Arum. "Sa'n kantoarbaan is neat foar dy!" Ik ha it 3 moanne folholden en doe koe ik mei 2 soannen fan Westra earst bedriuwslieder en letter ek mei eigner fan dat bedriuw wurde.

Hoe bisto yn Nijemardum bedarre?

Yn 1998 kaam ik yn 'e kunde mei it bedriuw fan Jan en Nel Buma. Wy wiene by Westra klant fan Jan en hy socht help. Tagelyk wie ik mei myn slurf-masines begûn en is Jan by my ynstapt. Dat hawwe wy in jier as 5 tegearre dien. Doe't Jan en Nel ferhuzen nei de nije wenning oan it Wytlânsdykje hawwe Mieke en ik it spul fan harren kocht.

Gie dat samar of binne jimme echt troud?

Yn it jier 2000 binne wy hjir troud. Yn 2002 is Aise berne en yn 2009 is Sjan by ús kommen. Dêrnei wie de klub kompleet.

Doe't ik it hiem opfytste seach ik in reklameboerd mei "Feedtuber".

Dat is in masine dy't bygelyks feefoer opslaan kin yn in slurf. Hjir bewarje de measte boeren de kuil en mais yn silo's. De nije ûntwikkelingen op dit mêd ha ik altyd mei in soad oandacht folge. Yn 1998 hawwe wy in bedriuw yn Tsjechië opsetten en dat wie doe



in sukses. In soan fan myn kompanjon dêr hat dat yn 2015 fan my oernommen. Yn 2014 haw ik noch in bedriuw opsetten: Machines4Green, dat meanmasines makket, dy't op ôfstân betsjinne wurde. Ik doch dat tegearre mei Alex Buwalda.

Dat is hiel wat oars, mar no dochs mar wer werom by de Feedtuber?

Mei myn technyske oplieding sjoch ik kâns om de masines hieltyd wer te ferbetterjen.

Wat woest as bern graach wurde?

F16 piloat. *(stoere bink..)*

Hasto hobby's?

Fan hús út de hyndersport. Doe't wy hjir kamen te wenjen bin ik begûn mei mennen; hynders foar de karre. Ik ha yn it bestjoer sitten fan de maneezje op Kipenburch. *(Ik betink ynienen dat ús buorfamke Marijke Buter faak mei Sjan op de pony oer de Lyklamawei rûn)* Fierders gean ik graach mei Feike Jagersma te jeien.

Ik sjoch Jan-Dirk al foar my op in hynder yn galop en in grut gewear yn 'e oanslach..... mar mei dat samar?

Ik ha yn Biddinghuzen in oplieding folge om mei hagel te sjitten.

Hokke TVprogramma's hâldsto fan?

Neist it nijs sjogge Mieke en ik graach nei Skandinavyske Detektives.

Dochst ek wat oan Muzyk?

Ik lústerje graach nei Bruce Springsteen en ek wol nei Racocon. Doe't ik jong wie ha lid west fan O.K.K. Dat is it korps fan Kimsword en ik spile hiel fanatyk op 'e sko-tromboane. Ik dreamde fan in muzikale karjère by it leger as ik dêrfoar oproppen wurde soe. Safier is it net kommen, want fanwege in swakke rêch waard ik net goedkard om de wapenrok te dragen en myn tromboane leit al jierren op 'e souder yn in koffer.

Hast noch tiid om te lêzen?

Op skoalle kaam ik yn 'e kunde mei literatuer en wie ik wei fan "De ontdekking van de hemel" fan Harry Mulisch. Ik hâld wol fan literêre romans en fierders leit de Ljouwerter krante alle dagen by ús yn 'e bus.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Moai. Ik lêst it graach. Ek de petearen mei doarpsgenoaten. Faaks is der noch ien dy't wat oer de skiednis fan Nijemardum fertelle kin? Ik bin gek op de skiednis fan ús heitelân. *(Jan-Dirk is ek stiper fan ús krantsje ûnder de namme Feedcenter BV. mar dat is al lang wer ferâldere....en moat efkes fernijd wurde. De Keamer fan Keaphannel hat der gjin muoite mei en ús Hedwig fêst ek net.)*

En de Fryske taal?

Ik bin der bliid mei. Omdat Mieke Nederlânsktalich is, wurde ús bern mei twa talen grutbrocht.

Geane jimme ek mei fakânsje?

Wy binne gjin echte tintsje-kampearders, mar wy ha gauris in reis nei Skandinavië mei de caravan makke en dat wie geweldich. Ingelân stiet ek op ús programma.

Wa siedet hjir it iten?

As wy lekker ite wolle, dan moat ik dat dwaan want Mieke hat der gjin slach fan. Ik koaitsje graach en alles wol, mar myn foarkar giet út nei stooffleis. *(Earst mei Feike wat hazzen en guozzen sjitte en dan wat bakke en briede...dat wurdt fansels Lekker Ite Mei Jan-Dirk!)*

Jimme wenje al in hiel skoft yn Nijemardum West en aansens yn East . Dat liket jimme goed ta?

Wy fiele ús hjir o sa thús, mar dit hûs, de kantoarromte en it hiem is einliks te grut foar ús. Doe't de gelegenheid der wie om yn Nijemardum in oar hûs op sa'n moaie lokaasje te keapjen, wienen wy gau út de rie.

Hoe sjochsto nei de takomst?

Oan 'e ein fan dit jier / begjin oare jier stiet de ferhuzing nei de Lyklamawei sintraal. Dêr sille wy it earst wol drok genôch mei krije.

Hasto noch grutte winsken?

Ik hoopje dat wy ús bern begeliede kinne nei in plakje op dizze wrâld, dêr't sy harren goed fiele.

Woest fierder noch wat kwyt oan Nijemardum?

Sûnt koart bin ik foarsitter fan de Lokaalferieniging. It liket derop dat de doarpen harren tsjerke en skoalle ferlize sille, mar ik hoopje dat it Doarpshûs yn de takomst in sintrale funksje foar in soad doarpsgenoaten hâlde sil en dêr wol ik my graach foar ynsette. Hoe't soks allegear moat en kin dat moatte wy mei elkoar betinke en dwaan.

My tinkt, mei sa'n enerzjike man as Jan-Dirk oan it roer, hat Nijemardum goede kâns om in libben doarp te bliuwen.

As ik, nei in ûnderhâldend petear wer op 'e fyts stappe sil, sjoch ik allegear swellestront op 'e grûn lizzen, mar gjin spatsje op myn fyts, net op it stjoer en net op it seal. Der wenje neist in hiel soad aardige minsken ek fatsoenlike fûgels yn Nijemardum...

Annie

INFOAVOND LOKAALVERENIGING 4 JULI 2018

Jan Dirk opende de avond met de mededeling dat Harmke met een acute hernia thuis zit en dit jaar, zoals het nu lijkt, niet meer inzetbaar is. Dit betekent dat Klaas hulp nodig heeft van ons als dorpsgenoten! Wie wat kan betekenen kan zich melden bij Klaas of het bestuur.

Wat hebben we tot nu toe gedaan?

+verwerken vragenlijsten vorige infoavond

+overleg met andere dorpshuizen

+overleg met Klaas en Harmke

De conclusie die daaruit voortvloeit is :

- * brede steun voor instant houden dorpshuis
- * commerciële aanpak met pachter niet meer haalbaar
- * willen we door dan moet het met breed gedragen inzet vanuit het dorp=vrijwilligers
- * deze groep vrijwilligers moet aangestuurd worden
- * combinatie vrijwilligers met een beheerder

Hoe nu verder? :

We willen gaan werken met een beheerder, een betaalde kracht voor naar schatting 20?? uur per week, met ondersteuning van vrijwilligers.

Profiel van een beheerder :

Verantwoordelijk voor : *inkoop -*telefonisch bereikbaarheid - *agenda - *aansturen vrijwilligers – * inspirator/uitwerken ideeën - * 20?? uur p/w beschikbaar, veelal avonden.

Vrijwilligers nodig voor verschillende taken/activiteiten, o.a. ondersteuning van de beheerder in de vorm van bardiensten, begeleiden externe activiteiten. Ondersteuning van het bestuur in de vorm van het organiseren van activiteiten (bingo, sint, rommelmarkt, nieuw?), onderhoud gebouw/erf, aankleding/inrichting, schoonmaken, initiëren nieuwe activiteiten, ondersteuning financiën.

Er was gelegenheid om vragen te stellen, opmerkingen te plaatsen en om met elkaar te discussiëren. Op de tafels lagen formulieren waar men ideeën op kon schrijven voor activiteiten.

Na de afsluiting om 21.00 uur werd er onder het genot van een drankje, aangeboden door de lokaalvereniging, nog even gezellig nagepraat door de 35 aanwezigen en hebben de eerste vrijwilligers zich gelijk al aangemeld! Super!

Mensen die ook graag willen helpen, kunnen zich aanmelden als vrijwilligers middels bijgevoegd opgave formulier in dit dorpskrantje. Wij rekenen op jullie!!!

Het is de bedoeling dat we straks het gevoel krijgen dat het dorps huis een huis van het dorp wordt! En dat we dat met elkaar en voor elkaar gaan realiseren en in stand gaan houden!

Bestuur Lokaalvereniging

FRIJMERKE

Sneon 8 septimber wurdt der wer in frijmerke organiseare yn Nijemardum.

Op de hiemen kinne jimme de handel wer ferkeapje.

Fan ôf 10 oere oant 14 oere.

Dus goai jim rommel noch net fuort. Wa wit kinne jim der in oar wer bliid mei meitsje.

As jim meidwaan wolle, kinne jim dit troch jaan oan Gerrie v.d. Veen [0657985984]. Sy makket in plattegrûn fan de dielnimmers, sadat de minsken witte wêr't wat te keap is.

En doch de flagge út as jim meidogge op sneon 8 septimber.

Wiepkje



WER IS DIT ?

It alderleafste balkontsje fan foarige moanne hinget oan it hûs fan Hitsje Veltman op de Lyklamawei 47. Yn 1968 kamen Hitsje har skoanâlden Rintsje en Ruurdsje Veltman dêr te wenjen en ha it hûs fertimmere en nei alle gedachten is it balkontsje doe pleatst.

Dêrfoar hie de heit fan Rintsje, Johannes Veltman, in needslaching yn it achterein fan it hûs.

It kaam Hitsje noch yn it sin dat doe't sy as bern yn Aldemardum wenne, Johannes troch de buorren fytste en lûd ropte " Johannes Veltman út Nijemardum hat fleis te keap, sels in pantsje meinimme" ! Dat sparre mar wer papier.



De sûkerbôle is diskear foar Jildou Gersjes. Lokwinske !



Dan no de lêste foto foar ús simmerstop.
Witte jimme wêr't dit is?

Belje gau nei nr.571889
Of stjoer in mail nei:
redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Dat kin oant en mei
kommende tiisdei.

Jantsje

KLEINTJE DORPSFEEST 2018

Het is inmiddels alweer enkele weken geleden dat wij het “kleintje dorpsfeest 2018” hadden.

Vrijdag avond zijn we begonnen met de pubquiz, niet alleen door de buurten werd er druk gestreden om de 1^e plek, maar ook andere groepen deden fanatiek mee. Na vele vragen over Nijemirdum, hondenrassen, muziek enz (met hele verassende antwoorden) werd de Toer 1^e en won een stapel lekkere Tony's Chokoloney's .

Zaterdag zijn we begonnen met de puzzelspeurtocht en de activiteiten voor de jeugd van Toen en Nu. Tijdens de puzzelspeurtocht moest je o.a. letters verzamelen en een ingewikkelde kubus in elkaar zetten!

Met de activiteiten met de jeugd van Toen en Nu werden er door een groep spelletjes gedaan van vroeger (sjoelen en blikgooien) en de spelletjes van Nu waren (Ezelen en een memory spel Nijemirdum). De andere groep maakte een lekkere salade klaar voor tijdens de lunch. Iedereen hielp met het snijden van appels, augurken, eieren enz. De salades zagen er prachtig uit en waren ook erg lekker!

Om 12.00 waren alle activiteiten afgelopen en konden de mensen aanschuiven voor een lunch, jong en oud had zich hier voor opgegeven. Klaas en Harmke hadden heerlijke soepen gemaakt en ook de broodjes , suikerbrood enz waren erg lekker. Voor de kinderen was er ook genoeg lekkers!

Na de lunch zijn we begonnen met de survival, iedereen liep in een stoet naar de Sânfearst. Daar startte het eerste onderdeel.

Niemand was bang voor een nat pak en het ging er weer fanatiek aan toe. Ook het publiek was enthousiast aanwezig!

Na het eerste onderdeel moest de stoet weer een stukje terug, waar er wederom weer in de sloot gesprongen moest worden. Door het mooie weer was dit geen straf.

Tijdens het laatste onderdeel, buikglijden, kon iedereen weer schoon worden op de zeepbaan.



Na al deze inspanning was er tijd voor ontspanning, de Keet van Nijemirdum had de barbecue al aan staan en kon er genoten worden van wat lekkers op het terras bij het dorpshuis.

Avonds was er nog de bevolkingsopdracht... iedereen was druk bezig om zoveel mogelijk emmers op te halen en verkleedkleden te zoeken. Iedereen zag er geweldig uit!

Het puntentotaal van dit weekend is geworden:

1^e Holymoly met 51

punten (12 punten voor het volgende dorpsfeest)

2^e De Toer met 42 punten (9 punten voor volgende dorpsfeest)

3^e Ny Wytlan met 39 punten (6 punten voor volgende dorpsfeest)

4^e De Sintel met 30 punten (3 punten voor het volgende dorpsfeest)



En toen was er alweer een eind gekomen aan het “kleintje dorpsfeest 2018”. Wij hebben genoten van alle activiteiten, het mooie weer en de inzet van iedereen. Maar ook van de positieve reacties die wij hebben gekregen!

Een (kleintje) dorpsfeest organiseren kost altijd tijd en geld... tijd hebben wij er graag voor over en wij zetten ons er 100% voor in. Maar ondanks alle hulp van vele bedrijven en mensen uit ons dorp, is het financieel lastig om het voor elkaar te krijgen.

Wilt u nog een financiële bijdrage geven, dan mag dat op het volgende bankrekeningnummer:

NL26RABO 0168 40 8465 t.n.v. Feestcommissie Nijemirdum, onder vermelding van vrijwillige bijdrage dorpsfeest.

De feestcommissie wenst iedereen een hele fijne zomer(vakantie) toe!

VISWEDSTRIJD



Op **zaterdag 1 september** van **19.00-20.30** is dit jaar de viswedstrijd in de Sânfearst bij de Sânfearstshoeke.



We vissen weer in twee klassen:

Klasse 1: jeugd tot 14 jaar

Voor deze klasse is een wisselbeker beschikbaar voor de winnaar en 3 prijzen ter waarde van € 10.00, € 7.50, en € 5.00 voor de 3 hengelaars met de hoogste totaallengte aan gevangen vis.

Klasse 2: deelnemers vanaf 14 jaar

Voor de winnaar uit Nijemirdum in deze klasse geldt dat de wisselbeker een jaar lang op haar/zijn schoorsteenmantel mag staan te glimmen. En ook hier hebben we 3 prachtige prijzen te verdelen voor de 3 hengelaars met de hoogste totaallengte aan gevangen vis.

De regels zijn al jaren hetzelfde:

- er mag maar met één hengel per persoon worden gevist
- er mag alleen met brood, wormen en maden worden gevist.
- er mag niet worden bijgevoerd voor of tijdens het vissen (ook niet voor de wormen!)



We hopen op mooi weer en veel deelnemers, dus jonges, famkes, pakes, beppes, heiten en memmen, haal de hengels en "beantsjestokken" maar weer van zolder en kom op **zaterdag 1 september** naar de Sânfearst! Maar wat is een wedstrijd zonder supporters? Dus ook al wil je niet zelf een hengel uitwerpen, aanmoedigen is ook leuk!

Komt allen!

Bestuur Doarpsbelang





*By de kapper
is in skieding it
goedkeapst!*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorpshuis
Runia Fourage BV	Veevoerders
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

31 augustus	:	iepening "De Hoekstien"
1 septimber	:	Fiskwedstryd
8 septimber	:	Monumintendei / Frijmerk
22 septimber	:	Dorpsontbijt
20 oktober	:	Bingo

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 26 septimber 2018

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 19 septimber 2018

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Yn de moanne augustus ferkynt der gjin doarpsnijs. Wy ha dan fakânsje!



In goeie fakânsje